DE KOEKOEK 39e jaargang nr. 7, maart 2025

Beste dorpsgenoten,

En dan zijn er al weer dik vier weken om en staat onze volgende redactievergadering gepland. Ids kan maar kort aansluiten omdat hij ook wordt verwacht op de ledenvergadering van Dorpsbelang. Daar was Tineke Dorenbos ook aanwezig. Op Sumarder Saakjes had zij al een verslag gemaakt van deze avond. Maar voor wie geen computer heeft of het nog niet heeft gelezen, we mochten, met toestemming van dorpsbelang, het verslag van Tineke plaatsen in deze dorpskrant. Bedankt daarvoor.

Afgelopen weken hebben we alvast een beetje kunnen genieten van een heerlijk zonnetje. Het voorjaar komt eraan en dat betekent dat we straks allemaal weer meer buiten mogen vertoeven. Lekker in de tuin om wroeten want de bloemenmodderactie was een groot succes. De kinderen kunnen binnenkort lekkere paaseieren zoeken. Er wordt voor een dag een midgetgolfbaan gerealiseerd bij het dorpshuis en we hopen uiteraard dat het dan prachtig mooi weer is, zodat we lekker buiten een glaasje kunnen drinken op het nieuwe terras bij het dorpshuis.

Niet alleen buiten het dorpshuis zijn volop activiteiten, ook op andere plekken. Zo is de muziekvereniging alweer druk aan het oefenen voor het ONFK in Drachten. En zijn de acteurs die meedoen aan de voorstelling van Mei Noed en Lêst ook drok dwaande met repeteren. Binnenkort start de kaartverkoop. En dat staat allemaal in deze dorpskrant.

Verder vinden jullie in deze dorpskrant de vaste rubrieken terug. Altijd het lezen waard. Wat de afgelopen jaren een jaarlijks rubriekje wordt, is een oproep voor het bezorgen van onze dorpskrant. Want helaas heeft Eadsger aangegeven te stoppen met de bezorging. Jullie lezen het hierna. Wie o wie wordt onze nieuwe bezorger? Tot nu toe hebben vaak de jongeren gereageerd op deze oproep, maar ook de oudere (jeugd) mag natuurlijk reageren.

Greta

VAN DE REDACTIE

OPROEP BEZORGER DORPSKRANT

Onze bezorger, Eadsger Rijpma, heeft aangegeven te stoppen met de bezorging van de Koekoek. Hij kan dit moeilijk combineren met school en sport.

Wij zoeken dus een nieuwe bezorger (jong (vanaf 13 jaar) of wat ouder (tot je 90ste). Je bezorgt de dorpskrant niet alleen in Sumar zelf, maar ook in het buitengebied.

Je bent beschikbaar op de vrijdag en de zaterdag op de verschijningsdata van de dorpskrant.

Wie heeft belangstelling om tegen een vergoeding 10 x per jaar onze dorpskrant huis-aan-huis te bezorgen???

Voor meer informatie of voor belangstelling kan contact opgenomen worden met een van de redactieleden (Maaike, Ids, Trynke, Thea of Greta). Je kunt ook een mailtje sturen naar dorpskrantdekoekoek@hotmail.com. Doe dit voor 22 april 2025. Wij nemen dan contact met jou op.

Vermeld in de mail je naam, waar je woont en hoe oud je bent.



YN DE KUNDE KOMME MEI

Maaike Kingma

Wolkom oan de nije ynwenners op de Noordmansstrjitte 45 yn Sumar.
De lêste 55 jier ha Dries en Aaltsje yn dit hûs wenne.



YN ‘E KUNDE KOMME MEI *ferfolch* *Maaike Kingma*

Wat is jim namme?:
Ellie en Frank Combee mei harren 3 bern: Chanella, Jax en Liam.
Ellie en Frank binne allebeide opgroeid yn Drachten. Sy kinne elkoar al 11 jier en ha earst tegearre yn in wenboat wenne. Dêrnei ha sy yn ferskillende hierhûzen wenne yn Drachten en yn augustus 2024 binne sy troud. Sy ha in Ingelske spaniel en dy hjit Balder, ferneamd nei de Noarske God fan it ljocht en it foarjier. En dan ek noch in hiele lytse chiwawa en dy hat de namme Vidar krigen omt de healbroer fan de Noarske God Balder, Vidar hjitte. In moai stel en sy lústerje tige nei harren baaskes.

Wat is jim leeftiid?:
Ellie is 37 jier, Frank is 44 jier, Chanella, 21 jier, Jax 8 jier en Liam is 3 jier.

Wat dogge jim oerdei?:
Frank is jierren ferlyn wurksem west yn de âlderensoarch, mar hy fûn it dreech om te sjen dat der net in soad tiid wie foar de minsken en hat úteindelik dochs foar it skildersfak keazen. Hy wurket no al wer sa'n 7 jier by skilderwurken Huizinga dy't oan de Hemmen yn Drachten sit. It is in lyts bedriuw en dat past him goed! Frank wurket ek it leafst by partikulieren, hy fynt it minder leuk om grutte gebouwen te skilderjen. Hy hat syn eigen bus mei reklame der op en dy sjogge jim dan yn it koart miskien ek wolris faker foarby kommen.

Ellie is op dit stuit thús, sy hat drokte genôch mei har taak as mem en hûsfrou. Yn it ferline hat Ellie in soad ferskillende wurksemheden hân: yn de Horeka, yn de steigerbou en staalbou en ek hat sy mear dan in jier mei ferskillende bands ûnderweis west. Sy die dan it Ljocht en it lûd foar dizze bands. Sy is ek gek op hynders, hat sels in Iislander hân en wie altyd dwaande yn fokstâlen as fersoarchster fan de hynders. Dêrby mei sy sels ek graach hynsteride. Sels hat sy op it heden gjin hynder, mar sy soe it hiel fijn fine om wer wat soarch te jaan oan dizze bisten. Dus as der ien yn Sumar is dy't wol wat wurk foar Ellie hat, fyts dan efkes nei de Noardmansstrjitte 45, miskien kinne jim wat foar elkoar betsjutte.

YN ‘E KUNDE KOMME MEI *ferfolch* *Maaike Kingma*

Wat hat jim yn Sumar brocht?:
Ellie en frank krigen de lêste tiid hieltyd mear harren nocht fan Drachten, der barde in hiel soad yn Drachten en sy wolle graach dat harren bern opgroeie yn in rêstiche omjouwing. Yn de middelbare skoalletiid hie Ellie faaks freondinnen dy't yn in doarp wennen. Sy fûn dy sfear altyd al fijn yn in doarp bygelyks tidens it Feanhoop festival, as by in freondinne yn de Pein. Ek kaam sy wolris yn it Mûntsje om't sy gek is op 'de Hûnekop'.
Frank en Ellie stienen ynskreaun by de wenningstichting en mei in sykprofyl kinst dan oanjaan hokker hûs as't sikest. Moast dan ek oanjaan yn hokker priisklasse it hûs sitte mei. No siet it hûs oan de Noardmansstrjitte 45 in euro boppe de priis dy't Ellie en Frank oanjûn hienen, dus sy weagen it der op en ja hear, sy krigen de tasizzing. It hûs foldie oan al harren winsken: 4 sliepkeamers, in grutte tún en boppe alles: de rêst. Doe't Frank thúskaam fan syn wurk binne sy fuort yn de auto stapt om te sjen, mar foaral ek om te rûken. Want ja.....dy stjonkfabryk wie wol in dinkje. Gelokkich wie Dries (de foarige bewenner) thús en doe't Ellie frege hoe faak sy lêst hienen fan de stjonkfabryk, moast Dries laitsje en syn antwurd wie: Och fanke, wy ha hjir 55 jier wenne en wy har der praktysk nea lest fan hân.

Yn jannewaris 2025 ha Frank en Ellie de kaai krigen en koe it klussen begjinne. Want Ellie hat in hiele oare smaak en tegearre ha sy it hiele hûs in nei behankje en in oare kleur jûn, want Ellie hâldt fan de kleur swart. Boppe moat noch in bytsje ôfferve wurde en dan yn it foarjier de tún noch opknappe. It fielt no al goed yn it hûs.
Chanella is op 1 maart oan it wurk gien by de Scapino yn Burgum en sy hat in freon yn Zaltbommel. Jax giet nei de skoalle 'it Bynt' yn Sumar en Liam giet krekt nei de peuterskoalle.

Wat is jim earste yndruk?:
De earste wiken binne Frank en Ellie hiel drok dwaande west yn it hûs, mar ha sy wol tiid naam foar de nijjiersborrel op de buert. Sy fine it leuk om de minsken yn Sumar te moetsjen.

YN ‘E KUNDE KOMME MEI *ferfolch* *Maaike Kingma*

De earste kear dat Ellie de bern nei skoalle brocht hat sy wol 10 kear 'hoi' sein en dat fûn Ellie hiel bysûnder. 'Dat is yn Drachten net mear sa’, neffens Ellie.
Sy fûn it opfallend: 'de minsken rinne hjir yn Sumar wol 25 jier achter, mar dan yn positive sin. Sy dogge gewoan gewoan. En dat meie de Sumarders as in komplimint besjen'.
En sy ha no al sin oan it doarpsfeest yn Sumar, in echt doarpsfeest en dat liket harren fantastysk.

Wat binne jim hobby's?:
Ellie mei hiel graach klusse en ferfje en is hiel kreatyf en it liket har dan ek hiel moai om mei te wurkjen oan in feestwein. Fierder hâldt sy fan Metal muzyk en sammelt sy in hiel soad dingen. Sy hat werkelik fanalles yn har vitrinekast te lizzen: fan deadskoppen, fossylen, sierraden oant navelstringen ta. Sy neamt it sels: 'rariteiten'. Ek hâldt sy fan opsette rammekoppen dy boppe de doar hingje. It hat sa wêze moatten dat jim no yn Sumar wenje: de Sumarders wurde nammentlik ek wol 'de Rammekoppen ' neamd.

Frank wie yn it ferline in soad op paed as Hardcore DJ op festivals en diskoteken en somtiden ek yn it tunneltsje ûnder de A7. Mar dizze hobby is net handich mei lytse bern. Sa no en dan geane sy no dan wolris nei in konsert fan de metalband 'Rammstein'. Fierder mei Frank graach skilderje, ek yn syn frije tiid.

Wat misse jim yn Sumar?:
No, wy misse (noch) neat yn Sumar, fine it hjir hearlik rêstich. De winkel yn Burgum is tichtby, wy fine it hielendal net slim om de brêge efkes oer te fytsen. Sterker noch: it is folle goedkeaper foar ús want yn Drachten hienen wy de winkel njonken de doar en dan gienen wy ek alle dagen even om boadskippen. Dus wy hâlde no sinten oer :)



Frank, Ellie, Chanella, Jax en Liam, Bedankt foar it iepen petear en wy winskje jim in hiel soad lok, leafde, wille en rêst ta yn it doarpslibben fan Sumar.

BEDANKJE

Geartsje Westerkamp-Koers

Ik wol eltsenien tige bedanke foar alle kaartsjes en bezoekjes tidens myn ferbliuw yn it sikehûs yn Drachten en letter yn Dokkum. It docht in minske goed as der om jo tocht wurdt!

Ik bin no wer thús oan de Buitenhof 3 yn Burgum.

Geartsje Westerkamp - Koers

BAS NIEUWS

Gea van der Vlugt/TEAM BAS

Hoi kinderen uit Sumar!

Hebben jullie de paashaas al gezien in het dorp of misschien wel achter op het grasveld bij het Dorpshuis? Nee, nog niet? Kom dan zeker aankomende zaterdagochtend 12 april naar Dorpshuis de Kamp want wij hebben uit betrouwbare bron gehoord dat Hazze de Hazze hier zeker bij is. Het beloofd een leuke en gezellige ochtend te worden met o.a. paasei zoeken op het veld, leuke knutseltafels en natuurlijk een echte paaslunch voor de kinderen. Om te weten hoeveel broodjes we mogen bestellen zien we graag een opgave voor dinsdag 8 april op teambassumar@gmail.com of je mag een appje sturen naar 06-51089808. Om al dit leuks te bekostigen vragen we een eigen bijdrage van 3.50 euro per kind.
Programma:
10.15 uur Hazze de Hazze vertelt een verhaal
10.30 - 11.00 uur Paasei zoeken in het veld
11.00 - 11.45 uur Paasei verven en kleur je mooiste paastekening
11.45 - 12.15 uur Een heerlijke paaslunch
De kinderen mogen om 12.15 uur weer worden opgehaald.

Tot zaterdagochtend 12 april!


TEAM BAS ORGANISEERT
zaterdag 12 april
PAASKE
Hazze de Hazze
paas-activiteiten
@Dorpshuis de Kamp
Voor alle kinderen uit Sumar
Zaterdag 12 april
10.15 uur Hazze de Hazze vertelt een verhaal
10.30 - 11.00 uur paasei zoeken in het veld
11.00 - 11.45 uur paasei verven en kleur je mooiste paastekening
11.45 - 12.15 uur een heerlijke paaslunch
Kinderen kunnen om 12.15 uur weer worden opgehaald
Eigen bijdrage €3.50 per kind en opgave via
teambassumar@gmail.com of via 0651089808 (voor aantal
lekkere broodjes ;)
Made with PosterMyWall.com

AMBACHTSMAN (1873-1884)

Dirk Strijker

Wie o wie is toch die ambachtsman uit Sumar, die tussen 1873 en 1884 een zakboekje gebruikte om al zijn werkzaamheden en verkopen te noteren?

Via internet kwam ik in het bezit van dat zakboekje. Het is voorzien van een leren omslag en meet 15,5 x 9,5 cm. In totaal zijn 186 bladzijden volgeschreven met behulp van inkt en een kroontjespen (niet altijd even goed leesbaar).
Op de eerste bladzijde lezen we de naam Pieter Pieters Algra. Op 28 juli 1873 krijgt hij '*Drie Nieuwe Rieven*' geleverd. Dat kost hem f 2,25, die hij samen met nog enkele andere zaken pas op 20 februari 1874 betaalt. Het was toen gebruikelijk een heel jaar allerlei zaken te kopen of te laten repareren om pas aan het begin van daarop volgende jaar het totaalbedrag te voldoen. Bij de werkzaamheden staan ook zaken als 'een pomp hersteld' en 'een nieuwe jelt in de brede'.

Onze onbekende 'ambachtsman' werkt veel met hout en heeft veel boerengereedschap in de handel. De namen die men hiervoor toen gebruikte, zijn vaak niet meer gangbaar. Zoals de eerder genoemde *Drie Nieuwe Rieven* voor Algra. Wat is een rief? En zo komen er talrijke, voor mij onbekende, benamingen in het boekje voor. Ik hoop dat de lezers van De Koekoek mij van aanvullende informatie kunnen voorzien over deze voorwerpen.
In het boekje komen de volgende benamingen voor: boed(e), brede, duffel, emmerke in een pomp, haat, handstok, jelt, koom, lep, lepstok, pikstrijkel, pompwip, rief, schammel, spoorstok, reid, schienen, staven (in een emmer of karn), striklat, strijkel, tingel, tijne, (kromme) vaam en vandel. Het geheel is soms moeilijk te lezen en er zullen in deze opsomming beslist leesfouten van mijn zijde zitten.

Oplossingen mogen gestuurd worden naar:
dirk.tine.strijker@gmail.com

AMBACHTSMAN (1873-1884) vervolg

Dirk Strijker

Volgende keer meer over zaken die de man verkocht en enkele bijzondere werkzaamheden. Alvast mijn hartelijke dank voor het meedenken en mailen.

Dirk Strijker,
Historische Kring Sumar (voorheen Werkgroep Geschiedenis Sumar).



Ut it argyf fan Sumar

Hjoed-de-dei hat de mienskip in hiel fangnet optúgd om foar te kommen dat sike of wurkleaze minsken bûten de boat falle. Dat dat net altyd goed giet en dat it gjin fetpot is kinne wy regelmjittich op de telefyzje sjen en yn de krante lêze.

Eartiids koene minsken dy't help nedich hiene in berop dwaan op de earmfâdij of de diakony.

Tjipke Lammerts trout yn 1808 yn de tsjerke fan Sumar mei Maaike Fokes. Hja komme allebeide fan Sumar. Tjipke hat earder troud west. Ut it earste houlik hat hy in dochter en mei Klaaske krijt hy noch fjouwer bern. Tjipke fertsjinnet de kost as arbeider. Hy wennet oan it Mûnepaad, faaks yn in hûs fan de earmfâdij.

It stel hat it net maklik. Sy kinne kwealik rûnkomme en as men net wurkje kin, is der ek gjin ynkommen. Maaike ferstjert yn augustus 1824 en noch net in jier letter lit Tjipke de laaije ek slûpe. Hja wurde beide noch gjin fyftich jier.
Wa't it dreech hat kin yn de 19e ieu terjochte by de earmfâdij. Yn 1825 beset Joan Jelkes Hoekstra de funksje fan ponghâlder fan de earmfâdij fan Sumar.

UT IT ARGYF *ferfolch* *Ids Krol*

Hy kin 11 gûne en 40 sinten byskriuwe fan it boelguod fan Tjipke Lammerts. Oan dit bedrach is wol te sjen dat de besittings fan Tjipke en Maaike net folle om hakken ha.
Hoekstra moat ek ta de bûse foar Tjipke. Der giet noch ris 40 sinten ôf. Dat jild krijt Jelke Pieters foar it omsizzen en oproppen fan it boelguod.

By de útjeften stean in tal posten. Sa krijt Botje Harmens fl. 1,50 foar it bewaskjen fan Tjipke Lammerts. It wie yn dy tiid ek hiel gewoan om boadskippen net fuort ôf te rekkenjen. Sa hat Tjipke noch in skuld útstean fan fl. 3,50 by de winkelman.
As Tjipke de holle del leit moat der in lekken, himd, strie en molke komme. Buorfrou Wijke Jouwersma bart hjir fl. 1,75 foar. Bern wurde faak útbestege. Dat skeelt in mûle om iten te jaan. Meint Doeijes Mulder tsjinnet dêrta in rekken fan fl. 13,00 yn.
No wie Tjipke de lêste wiken fan syn libben grif siik. *Doctor in de Genees en Vroedkunde* Cornelis Steensma hat by de pasjint west en medisinen foarskreaun. De kosten fan fl. 8,75 komme foar rekken fan de earmfâdij.

Nei't Tjipke de lêste siken útblaasd hat wurdt der fan de buorlju ferwachte dat hja mei it lichem rêde. Dat is it wurk fan de froulju. De mannen moatte kundskip dwaan. Foar de begraffenis is fansels ek gjin jild. Der wurdt in wyt lekken oanskaft en in deakiste timmere. De kosten binne fl. 8,58. Nei't Tjipke nei it hôf brocht is, komt it folk noch byinoar. Tsjintwurdich krijt men dan faak in kop kofje, mar eartiids waard der bier dronken.
Winkelman Brouwer fan Burgum soarget foar in kwart tonne bier foar de gasten. Sa'n begraffenis wie ek in hiel barren. It is de gelegenheid dat freonen en famyljeleden inoar wer ris sjen kinne.
Sa rinne de kosten foar de earmfâdij al aardich op.

It hûs wêr't Tjipke yn wenne komt no leech te stean. Foar't it wer ferhierd wurde kin lit men de timmerman del komme. Jan Jans Tinga is in dei as wat dwaande yn de wente. Hy komt mei in rekken fan benij 13 gûne. Der wurde ek noch wat nije glêzen set.

UT IT ARGYF *ferfolch* *Ids Krol*

Sa kinne behyplike Sumarders in berop dwaan op de earmfâldij. Dy helpt dan mei wykjild, in pear klompen, turf, bôle of nije klean.
No wie it fansels net fanselssprekkend dat immen dy't de hân ophold ek samar wat krige. It bestjoer wie tige kritysk! Sa skriuwt de sekretaris oer in klant '*Het zal wel waar wezen dat X niet in staat is te werken, maar of kon hij het dan was er toch geen bezigheid voor hem te vinden, omdat de bedeelden bijna allen zonder werk zijn. En was er werk, dan was X een van de laatste, die door de boeren in dienst genomen werd, daar hij door zijne luiheid en brutaliteit niet te gebruiken is. Boven zijn onderhoud heeft hij gedurende zijn ongesteldheid 's daags een ei en één liter melk genoten en zal bovendien nog paardenboonenmeel ontvangen.'*

En dêr koe de man it mar mei dwaan!

VOGEL(RING)NIEUWS *Bareld Storm*

Januari en februari.
Wij hopen ieder jaar op mooi winterweer met stevige vorst, omdat er dan veel meer vogels uit het hoge noorden naar onze kant komen, maar helaas was dat weer niet het geval. Toch was het een kleine week winter en daar profiteerden wij dan ook een beetje van. Zo vingen we toen meerdere **Kramsvogels**, **Spreeuwen** en maar liefst 15 **Stormmeeuwen**.

We vingen in januari toch nog 82 vogels verdeeld over 14 soorten. Uit de opvang waren dat 2 **Buizerds** en voor ons gelijk een nieuwe soort een **Grote Zilverreiger**.
Op de Sumarreheide waren dat een **Waterhoen**, 2 **Stormmeeuwen**, een **Sperwer**, 10 **Pimpelmezen**, 3 **Koolmezen**, een **Winterkoning**, 42 **Spreeuwen**, 4 **Koperwieken**, 8 **Merels**, 3 **Kramsvogels**, 2 **Roodborsten** en 2 **Vinken**.

VOGEL(RING)NIEUWS vervolg

Bareld Storm

We vingen in februari 99 vogels verdeeld over 17 soorten. Uit de opvang weer 2 **Buizerds**. Op de Sumarreheide een **Waterhoen**, een **Watersnip**, 13 **Stormmeeuwen**, een **Grote bonte specht**, 11 **Pimpelmezen,** 15 **Koolmezen**, 2 **Staartmezen**, een **Tjiftjaf** (de eerste van dit jaar), een **Winterkoning**, een **Boomkruiper**, 22 **Spreeuwen**, een **Koperwiek**, 5 **Merels**, 11 **Kramsvogels**, 2 **Roodborsten** en 9 **Vinken**.

De **Stormmeeuwen** was voor ons even proberen. Als het dan een beetje winter is en de grond is hard, dan kunnen ze geen wormen vinden en komen makkelijker op het door ons aangeboden voer af, waardoor we ze kunnen vangen.
De oudste **Stormmeeuw** in Nederland is inmiddels 35 jaar oud en de verst gevlogen afstand is 5200 kilometer. Er zijn in de afgelopen 100 jaar in Nederland dik 72.000 geringd, waarvan er 22.000 terug gemeld zijn. Dat zijn er aardig wat, waardoor we dus redelijk zeker kunnen zeggen waar ze vandaan komen en of heen gaan en hoe het qua aantallen verloopt. Nederland telt ongeveer 4000 broedparen. In heel Europa en ook in ons land neemt het aantal af. De vogels komt voor in heel Europa van IJsland tot noordelijk Rusland en tot ver in Siberië.



Op bijgaande foto een van de door ons gevangen **Stormmeeuwen**.

Vindt u een vogel met ring of een dier in de problemen, dan horen wij dat natuurlijk graag. Ook voor bijzondere waarnemingen mag u ons op de hoogte houden.

Bareld Storm, Lytse Buorren 24, Sumarreheide,
stormbareld@hotmail.com, 06-11181841

FERSLACH JIERFERGADERING DOARPSBELANG

TINEKE DORENBOS

Moandei 17 maart 2025

Foarsitter Gerrit Vrijburg hjit de 25 oanwêzigen wolkom. Fanút gemeenteried Tytsjerksteradiel gemeente Tytsjerksteradiel hawwe Alex Nijboer, Freddy de Haan (beide FNP), Age Kramer (CDA), Pieter van der Werf (boargerlid VVD) en koördinator boargerynisjativen Suzan Bosch de útnûging oanpakt om te sjen en hearren wat yn Sumar spilet en bart.

D’r hat wat wikseling yn it bestjoer plak fûn. Gerrit kin meidiele dat foar de geande bestjoersleden de stuollen wer fold binne. Doarpsbelang is noch wol op syk nei doarpsbewenners dy't harren wat praktyske taken út hannen nimme wolle. Foar de nij yn te follen doarpsfyzje siket doarpsbelang ynwenners dy't meitinke wolle oer de takomst fan it doarp.

Doarpsbelang Sumar hâldt de ûntjouwings oangeande rinnende saken goed yn de gaten. Mei belutsenheid ta it pontsje Sumar-Burgum, Sonac (biovergister), boufase 3 en de doarpskearn binne rinnende saken ûnder de oandacht.

Foar it pontsje is jild reservearre fanút provinsje en gemeente (KIK), ûngefear 700.000 euro.. De lêtste berjochten binne dat kosten foar de infrastruktuer hjir noch bykomme. Dan wurdt de folsleine ynvestearring rûst tusken de 1,2 en 1,8 miljoen!

In terjochte fraach fanút it publyk, sit Sumar en har ynwenners op it pontsje te wachtsjen of wurdt it in projekt foar de bühne? Deselde fragen oer it pontsje binne allegear de ôfrûne jierren al earder útsetten. No dit hege bedrach út de hoed komt, sille doarpsbelang en oare belanghawwers op'e nij sjen moatte of it wol realistysk is en betelber/helber sjoen nei it oantal gebrûkers dy't no noch ûnwis binne.

FERSLACH JIERFERGADERING DOARPSBELANG VERVOLG

TINEKE DORENBOS

De Oranjeferiening Sumar hat de fraach oer de doarpsflach útsetten. It liket harren moai as by aktiviteiten of doarpsfeest oan elk hûs de doarpsflach wappert. DB sil hifkje by de ynwenners wa in flach ha wol en wêr de flaggen te bestellen.

Fanút de oanwêzigen de folgende fragen/opmerkingen:

Of de Boskwei ek yn oanmerking komt foar ferbreedzjen of ferhurding oan de kanten sadat auto's en trekkers mekoar romte jaan kinne by moetsjen en it gêrs oan de kanten net ferjage wurdt.

It melden fan net wurkjende lampepeallen wurdt trochjûn oan de gemeente fia de Fixi-app, mar komt net altyd aksje op.

It ûntbrekken fan ljocht of eins de donkere stikken fytspaad op wei nei de brêge rjochting Burgum is al faker ûnder de oandacht brocht. Doarpsbelang sil nochris fernimme nei de stân fan saken en of it ljochtbelied oanpast wurde kin.

Peet Mulder hat de omjouwing rûnom it Jan vd Walbankje frij fan ûnkrûd, rûgte en dea strûke- en takkeguod en wer kreas makke. Hy jout hjirby oan dat ûnderhâld fan it bankje eins ek nedich is. Doarpsbelang hat mei it pleatsen fan it bankje de fersoarging tasein en sil aktiver tasjen op ûnderhâld.

Thones Meijer stelt de fraach of dr ek belangstelling is foar in sit yn de senioareried Tytsjerksteradiel. De no sittende leden wolle harren plakje wol ôfstean. Fanôf 55 jier binne je senioar genôch om ta te heakjen oan de ried.

It finansjeel jierferslach is troch de kaskommisje goedkard en foar akkoard troch de leden.

Nei it skoft komme de sprekkers oan bar.

FERSLACH JIERFERGADERING DOARPSBELANG VERVOLG

TINEKE DORENBOS

Ids Krol fertelt oer it toanielstik Nei noed en lêst wer frede en rêst. De tariedings binne úteinsetten. It stik is skreaun troch trije froulju út Sumar yn 1945 en doe ek opfierd. Yn 1995 by 50 jier frijheid is it nochris spile foar publyk. Yn 2020 soe it stik foar de tredde kear "ten tonele". Corona lei it sosjaal libben plat. Dit jier wurdt 80 jier befrijing fierd en is it stik mei help fan nije techniken, audio en film, spektakulêrder dan ea.. yn it foar binne trije spyldatums fêstlein. By in soad belangstelling en útferkochte foarstellings wurde ekstra útfierings taheakke.
Kaarten binne te ferkrijen yn de foarferkeap.

Ids is as bestjoerslid fan Doarpshûs de Kamp ek de twadde sprekker. De ferbouwing of nijbou fan it doarpshûs is al langer ûnderwerp fan petear tusken gemeente en bestjoer. In takomstrjochte konkreet plan lit noch efkes op sich wachtsje. Yntusken sit t bestjoer net stil en wurde in protte aktiviteiten organisearre troch it Doarpshûs, aktiviteitenkommisje, team BAS en ynwenners fan it doarp. Sumarders fan alle leaftiden witte it doarpshûs goed te finen.

Sierd Veenstra is útnûge om te fertellen oer de stân fan saken oangeande de doarpstún. Yn septimber binne belangstellenden ynformearre oer de opset. Sierd fertelt dat dr yntusken in bestjoer is en hat 12 frijwilligers ree stean om de hannen út'e mouwen te stekken. Ynkoarten kin de sprekwurdlike en echte skeppe de grûn yn..

De fergadering wurdt ôfslúten, foar wa dr niget oan hat oanslútend in konsumpje en neisit oan de bar.



De Laatste Eer
sinds 1916
Uitvaartvereniging te Sumar

Datum:	Maandag 7 april 2025
Waar?	Dorpshuis De Kamp
Tijd:	20.00 uur
Voorzitter:	Henk de Jong

AGENDA LEDENVERGADERING

1. Opening en vaststellen agenda

2. Herdenken overledenen

3. Mededelingen

4. Verslag ALV 17 april 2024 (het verslag is bij de secretaris op te vragen via onderstaand mailadres)


5. Financieel Verslag

6. Verslag kascommissie (Jan Algra, Tineke Elzinga).
   Vervanger Jan Alga.

7. Statuten

8. Rondvraag en Sluiting

dlesumar@gmail.com


12
APRIL
@Dorpshuis de Kamp
BIER PROEVERIJ
Bier troubadour
JAN NOTA
DE ZINGENDE BIERTROUBADOUR
KOSTEN PROEVERIJ €35 I BEGIN 20.00 UUR
NA AFLOOP LIVE MUZIEK VAN JAN NOTA
ENTREE LIVE MUZIEK €5
OPGAVE BIJ EDWIN VIA 0651089808
VOL = VOL

Nieuws van de Oranjevereniging

Oranjevereniging Sumar

Her en der horen we dat er nog wat onduidelijkheid heerst over het thema van het dorpsfeest 2025. Het thema is **Sumar op syn lekkerst.**
Het is niet per se nodig dat dit ook met Sumar te maken heeft, maar het mag natuurlijk wel.
Wij hopen dat het voor iedereen duidelijk is en mochten er toch nog vragen zijn, dan zijn we per mail te bereiken.

Er zijn al een heel aantal feestwagens opgegeven en dus ook onderwerpen vergeven. Mocht je een idee hebben, wacht dan niet te lang en laat het weten via ovsumar@gmail.com.

Voordat het tijd is voor het dorpsfeest, staat er eerst nog een ander feestje op de planning.
Dit is natuurlijk **Koningsdag 2025.** Koningsdag valt dit jaar op een zondag, daarom vieren wij dit op **zaterdag 26 april 2025.**

De Oranjevereniging organiseert dit jaar het **Sumarder Midgetgolf Kampioenschap.** Dit spektakel wordt gehouden rondom dorpshuis de Kamp en zal in het begin van de middag van start gaan.

Een leuke activiteit voor iedereen vanaf groep 3 tot en met volwassenen. Opgeven kan via de mail ovsumar@gmail.com. Graag leeftijd ten tijde van het evenement vermelden, zodat je in de juiste leeftijdscategorie ingedeeld kan worden.
Je speelt dit spel individueel, maar het is ook mogelijk om je per groep (maximaal 5 personen) op te geven, zodat je gezamenlijk kan starten.

Natuurlijk is er ook gedacht aan de kinderen die nog niet in groep 3 zitten en voor hen staat er een springkussen en knutseltafel klaar.
Vanaf 17:00 zullen er hamburgers gebakken worden en is er live muziek van de band **Blinder!**

Meld je snel aan en mis het niet! Geen zin om mee te doen? Kom dan aanmoedigen en genieten van de gezelligheid!


ORANJEVERENIGING SUMAR PRESENTEERT
SUMARDER
midget-golf
KAMPIOENSCHAP
26
APRIL
@dorpshuis de Kamp
OPGAVE PER PERSOON VIA OVSUMAR@GMAIL.COM
START 14.00 UUR | OPGAVE VANAF GROEP 3 VAN DE BASISSCHOOL
| KNUTSELTAFEL EN SPRINGKUSSEN VOOR DE KLEINSTEN |
VANAF 17.00 HEERLIJKE HAMBURGERS VAN DE BAKPLAAT
VANAF 18.00 UUR LIVE MUZIEK VAN BLINDER

WERKGROEP 80 JAAR VRIJ SUMAR

Nei noed en lêst, wer frede en rêst 3.0

in ynteraktive tragikomeedzje
oer de oarloch en befrijing yn Sumar



Speeldata:	05 mei, 09 mei en 10 mei 2025
Locatie:	dorpshuis 'De Kamp' te Sumar
Tijden:	melden om 19.40 uur, aanvang 20.15 uur.
Entreeprijs:	voorverkoop € 10,- daarna: € 15,-
Voorverkoop:	di. 08 en do. 10 april van 19.00 tot 20.00 uur in dorpshuis 'De Kamp'

PROCLAMATIE

aan den bevolking van Suameer e.o.

==========

Er gaat een dringend verzoek uit, naar u allen,
om in den voorverkoop toegangskaarten aan te schaffen
à ƒ 22,03 (€ 10,00) voor den voorstelling:

Nei noed en lêst,
wer frede en rêst 3.0

die voor het voetlicht zal worden gebracht
in den week, waarin wij 80 jaar zijn bevrijd
(Maandag 5 Mei, Vrijdag 9 Mei, Zaterdag 10 Mei 2025).

Den voorverkoop heeft plaats in den avond van
Dinsdag 8 April en Donderdag 10 April 2025
van 7,00 tot 8,30 uur
in het dorpshuis (Suameer nr. 15)

Hierna kosten kaarten ƒ 33,05 (€ 15,00).

Dus weest erbij in den voorverkoop!
Marcheert gezamenlijk naar dit punt
en weest opgeruimd en energiek!



Meer informatie: www.sumar.nl

Nei noed en lêst, wer frede en rêst.

In 2025 viert ons land dat de Tweede Wereldoorlog 80 jaar geleden ten einde kwam. Door het hele land staan we stil bij de bevrijding van Nederland, dankzij de inzet van de geallieerde militairen en het verzet. In Sumar vieren we deze bevrijding met de opvoering van het stuk 'Nei noed en lêst wer frede en rêst'.

Een indrukwekkende voorstelling. Vanaf de eerste minuut word je meegenomen in een fascinerend verleden, het meeslepende oorlogsverhaal van onze ouders en grootouders. Elke Sumarder moet dit zien. Het is een unieke combinatie van theater, muziek en film. Het biedt een ervaring die je vanaf het begin tot het einde raakt. Het stuk is gebaseerd op waargebeurde feiten uit de oorlog.

In deze Koekoek vind je de voorstellingsdata en de momenten waarop kaarten kunnen worden gekocht.
Let op: aan de kassa worden geen kaarten verkocht!



De Lofstem Kristlike Fanfare

Nieuws van De Lofstem
We hebben een mooi geslaagd studieweekend achter de rug. Zie verderop het verslag wat door Martsje is getypt. Nu de laatste puntjes op de i voor het ONFK 5 April. Voor wie belangstelling heeft om ons generale repetitie bij te wonen, weet u/je 3 April welkom om 21:00 in De Kamp. Dan spelen we het stuk nog één keer helemaal door.
Graag ook nog aandacht voor ons paasbrodenactie welke 15 april gepland staat. Elders in deze Koekoek meer informatie wat dit betreft.
Mooi ook dat we 20 April de paasdienst muzikaal kunnen begeleiden. Weet u ook tijdens deze dienst van harte welkom.
Vervelen doen we ons zeker niet want we zijn ook bezig om 16 mei een concert te organiseren samen met het Frysk Seniorenorkest bestaande uit ongeveer 60(!) muzikanten. De volgende keer meer hierover. Wel kunnen we alvast vertellen dat zangeres Fardau van der Woude (www.fardauvdwoude.nl) aan dit concert gaat meewerken en dat het concert om 20:00 begint in De Ikker (Burgum). We hopen op veel belangstellenden ook uit Sumar natuurlijk. Dus zet deze datum alvast eventueel in de agenda.
Dan het verslag van ons geslaagd studieweekend.

Study wykein De Lofstem

It earste wykein fan maart hawwe wy mei De Lofstem nei ‘Natuurlijk Kollumeroord’ west yn Kollumerpomp. Wy wiene dêr om ús ta te rieden op de Open Nederlandse Fanfare Kampioenschappen,it ONFK. Wy dogge mei yn de 4e divisie, tegearre mei nog in stik as wat korpsen dy’t allegear it stik Lacus Flevo spylje.
Wa’t de measte punten scoort, fan 0 tot 100, wint en mei sich foar in jier Nederlands Kampioen neame. Heart simpel, mar dat is it net. Der moatte hiel wat puntjes op de i setten wurde, en dat is krekt wat wy yn Kollumerpomp dien ha.

NIEUWS VAN DE LOFSTEM

Hendrik /Martsje

Doe't ik op myn wurk oan de kofje tafel fertelde dat wy in wykein fourt gean soene mei it korps, seine myn kollegas; 'mar moatte jim dan echt de hiele dei toeterje? Hoe giet soks?'

Toen lei ik út dat we in hiel skema ha mei rippetysjes, iterij, in geselliche jûn en de oare deis nog in workshop mei in oare dirigint en dan noch in kear in rippetysje.
En sa is it ek gien. De saterdeis binne wy om healwei tsienen, begûn mei de tassen út te pakken en in sliepplak te sykjen. Net alle leden wiene yn de gelegenheid om sliepen te bliuwen, mar de measten wol. De mens-erger-je-niet spultsjes (hjir letter mear oer) de muziektas en in instrument brochten wy nei it hoofdgebouw. Dêr wiene de rippetysjes en de iterij.
Nei in pear bakjes kofje as thee, binne wy precies neffens ús skema úteinset. In goeie earste start makke. By maat safolle moatte jo lúder blaze, in maat as wat fierder wat sachter, op dat punt moatte jo tinke om de intonatie en sa geane je dan troch it stik hinne. De kofje en de tee smakken best, mar.. wat er yn giet moat der ek wer út… En at er dan krekt wat trillers oefene wurde moatten by de saksen, dan helpt dat net… Nei dat der in pear bugels nei de wc west wiene, koene wy wer fjirder mei it lêste eintsje fan de rippetysje.
